



## DE REÜNY

Ronald Giphart

Krekt as mei sa'n soad ferhalen is it lestich om te achterheljen wannear't dit ferhaal presys begjint. Lit ús mar fan start gean op de earste freed fan oktober 2023. De lokaasje is Paviljoen Tweesprong, in romroft etablissemint dat útsjocht op in plak dêr't twa rivieren gearrinne.

Dy middeis hawwe der foar de lunch twa groepen reservearre. De studinten Maaïke en Jeffrey, dy't as bybaantsje yn dit restaurant wurkje, ha fan 'e moarn linnen op tafels lein en itensark en wynglêzen har plak jûn. Se ha beide in geheim dat se mei gjinien diele meie, mar dêr komme wy noch.

Daliks nei tolven begjinne gasten fan beide groepen binnen te drippen. Links by de ruten mei it moaie útsicht oer it lânskip krije dames fan middelbere leeftiid in plak oanwiisd, en yn 'e buert fan de bar giet in groep âldere manlju sitten. De froulju begroetsje elkoar entûsjast mei golle tuten en waarme omearmingen. Leafdefol neame se elkoar 'fanke' en 'leave'. Ek it weromsjen fan de manlju is waarm en kammeraatskiplik, mei stevich fûstkjen en klappen op 'e skouders. 'Keardel!' 'Maat!'

Yn it begjin slane beide groepen gjin acht op elkoars oanwêzichheid, want elkenien is fol fan it wersjen mei âlde freonen en freondinnen.

En op dit punt fan ús ferhaal geane wy werom yn de tiid nei begjin oktober 1985, nei in sielleaze wachttromte by Gate E12 fan Atlanta International Airport yn de Amerikaanske steat Georgia. Twa ferskillende Nederlânske klups sieten dêr te wachtsjen op in KLM-flecht nei Amsterdam.

Beide ploegen hienen de dagen dêrfoar los fan elkoar in ûntsettend soad meimakke. Omdat de flecht fertraging hie en de

ferfeling tasloech, waarden der nei ferrin fan tiid oer en wer praatsjes makke en ferhalen útwiksele oer wat harren nei dat diel fan de wrâld brocht hie.

De froulju en coaches fan de iene groep wienen lid van it wetterpoloteam fan DVS ('Door Vriendschap Sterk'). Se hienen meidien oan in prestisjeus wetterpolotoernoai fan de Amerikaanske Stanford University, en dat sels wûn.

De manlju fan de oare ploech wienen minder optein. Hoewol't sy by harren besite oan Noard-Amearika wis wol eufoaryske mominten hân hienen, hienen se ek yntins fertriet en meilijen field. Tolve dagen dêrfoar, op 19 septimber 1985, wie Meksiko troffen troch in seldsum swiere ierdbeving. It N.N.R.T., it Nederlands Nationaal Reddingshonden Team, wie ien fan de ynternasjonale brigades dy't ynflein wienen om nei oerlibjenden te sykjen.

Mei seis trainde hûnen en tolve begelieders wie it team nei it rampgebiet ôfreizge om yn de brokstikken fan de ynstoarte gebouwen te speuren nei tekens fan libben. De froulju fan it wetterpoloteam harken oandachtich nei ferhalen oer hoe't soms fergees mar oare kearen ek suksesfol besocht wie om slachtoffers te rêden. Bygelyks it momint dat de hûnen Bram, Sannie en Duco yn in ynstoart flatgebou in lestich berikber plak lokalisearren dêr't in seisjierrich jonkje mei twa suskes fjouwer dagen lang bivakkearre hie. Doe't de rêdingswurkers dêroer fertelden koe gjinien de eagen drûch hâlde, sysels ek net.

Under de gesprekken waard der troch de groepen in bytsje nei elkoar sjoen, hifkjend, ôftaastend, miskien sels wol hiel licht flirtend. Ek ûnder de KLM-flecht nei Amsterdam bleau der geregeld kontakt tusken beide groepen, want it tafal hie bepaald dat se yn de kabine fan de Boeing 747 neistelkoar sieten. De gesprekken duorren oant heech boppe de Atlantyske Oseaan, doe't de ferljochting yn it tastel troch de haadpurser dimme waard.

Werom op Skiphol seagen beide teams elkoar foar 't lêst by de bagaazjebân, dêr't se gemoedlik ôfskied fan elkoar namen as koenen

se elkoar al jierren. Yn de oankomsthal waarden se ferwolkomme troch útlitten achterbliuwers: oanhing fan de hûnerêdingsbrigade yn de iene hoeke en oanhing fan de wetterpolospylsters yn de oare. Yn de konsternaasje ferlearen se elkoar út it each, en dat soe uteraard fanselssprekkend de ein fan it ferhaal west ha... as it net sa west hie dat it tafal him achtentritich jier letter opnij mei de rin fan 'e dingen begûn te bemuoien.

Sels de hechtste freonekringen kinne nei ferrin fan tiid útinoar falle: faak bliuwt der fan in eartiids legindaryske kammeraatskip úteinlik net folle mear oer as wat ferkleure foto's, hieltyd dizeniger wurdende oantinkens en skokkerige fideobylden fan minsken mei âlderwetske kapsels en dito brillen. Los fan elkoar besleaten sawol de wetterpolofroulju as de leden fan de rêdingsbrigade destiids dat se dát net gebeure litte soenen, en dêrom treffe se elkoar alle jierren trou foar in reüny.

It is de earste kear dat se Paviljoen Tweesprong oandogge foar dat jierlikse byinoar-wêzen en ek dêryn spilet tafal in rol. Servearster Maaïke is it bernsbern fan pake Jacques, dy't foarhinne lieding joech oan it eardere hûnerêdingsteam, en ober Jeffrey is it bernsbern fan beppe Jeannette, dy't de wetterpoloploech fan DVS yn 1985 nei de oerwinning smiet.

As se al mear as in healoere yn de ytseal binne, hawwe de ploegen noch hieltyd net troch dat se elkoar yn de tachtiger jierren tsjinkommen binne op in Amerikaanske lofthaven. Oan beide tafels prate se elkoar by oer de ûntwikkelingen fan it ôfrûne jier. De wetterpolofroulju, de '*silver sisters*' sa't se harren yntusken neame, binne noch mar mei syn achten oer. Twa âld-teamleden binne ferhuze nei oare plakken, twa lieten nei ferrin fan tiid neat mear fan harren hearre en twa teamgenoaten binne nei in sykte sa't dat hjit 'út 'e tiid rekke'.

Krekt as de wetterpolospylsters ha ek de manlju fan it hûnerêdingsteam al mear as ien lid nei it grêf droegen. En dat net

allinnich: alle hardershûnen en retrievers mei wa't se yn de tachtiger jierren safolle fermisten opspoard hawwe – wêrûnder Bram, Sannie en Duco – binne ûnderwilens opnommen yn de himelske kennel. Alle kearen dat it berjocht fan de dea fan in dierbere hûn de leden fan it team berikte, kleure de dei somber.

By it foargerjocht fan rikke salm begjint it beide tafels op te fallen dat der yn de ytseal noch in oare groep sit te lunchen. Krekt as achtentritich jier dêrfoar wurdt der út twa hoeken wei in bytsje nei elkoar sjoen, hifkjend, ôftaastend, miskien sels wol hiel licht flirtend, want it idee dat dat op wat âldere leeftiid net mear kinne soe is fansels bespotlik.

It tafal wol – dat ferhipte tafal! – dat der by beide groepen op de jierlikse reüny nei it optsjinjen fan it haadgerjocht tradisjoneel in koarte speech holden wurdt troch dejinge dy't de byienkomst organisearre hat.

Nei't Maaike by har pake syn tafel en Jeffrey by dy fan syn beppe de boarden mei de haadgerjochten útservearre ha, wol oan beide tafels ien it wurd nimme. By de froulju giet Jeannette stean, op itselde momint dat yn de hoeke fan de rêdingswurkers Jacques oereinkomt en syn jaske tichtknopet.

Jeannette is de earste dy't tsjin har glês tikket en it wurd nimt.

'Leave freondinnen,' begjint se, mar dêrnei hâldt se har even yn. Se rjochtet har ta de tafel fierderop en ropt: 'En soe ik ek even jim oandacht ha meie, hearen? Hearen?'

Se wiist op Jacques en giet fierder: 'Ja jo, menear. Mei ik wat sizze dat jo ek oangiet?'

Jacques sjocht ferbaasd fermakke yn har rjochting, krekt as de rest fan syn selskip. Der wurdt goedmoedich lake.

'Wy binne in groep wetterpolospylsters,' ropt Jeannette. 'En ik kin my fersinne, mar neffens my ha wy elkoar yn 1985 troffen op it fleanfjild fan Atlanta, toch? Toch?'

By beide tafels wei wurdt der mei fleurige alteraasje en ynstimming reagearre. Yndied! Der giet in skok fan werkenning

troch de ytseal, folge troch in blik oantinkens. De moeting fan doe, it gearranen fan beide groepen by Gate E12 komt hielendal werom, de ferhalen oer spektakulêre oerwinningen en hertferskuorrende rêdingen.

‘No wol ik toch noch even jim oandacht,’ ropt Jeannette oer it gejoel hinne. Se tikket nochris tsjin har glês en freget mei klam om stilte.

‘Want ik wol wat fertelle, wat persoanliks,’ seit se.

Har yntonaasje soarget derfoar dat elkenien stilfalt.

‘Fiif jier lyn ferstoar myn man Henk, en dat witte jim ek...’

Se rjochtet har ta har tafelgenoaten. ‘Syn dea wie ûnwêzentlik en hiel swier. Henk, dy’t ik ynlik leafhie, liet my op syn stjerbêd belove dat ik de rest fan myn libben net weikwine soe. Dat wie in eangstbyld foar him. Hy sei: “Do bist te jong om in Grykske widdo te wêzen.”’

Se pakt har wynglês fan tafel en nimt in lytse slok.

‘Yn it begjin wie ik dêr hielendal net mei dwaande: der soe noait in oaren komme as Henk, dêr wie ik wis fan. No tink ik wol dat elkenien yn syn libben oait ris ien tsjinkommen is mei wa’t der wat wêze kinnen hie, ien mei wa’t it noait wat wurden is omdat der wetten yn ’e wei stienen en praktyske beswieren en de tiid dy’t noch net ryp wie.’

Yn beide selskippen wurdt ynstimmend knikt.

‘Ik tink dat elkenien wol ien ken mei wa’t der yn in oare kontekst leafde opbloei kinnen hie, neam it in achter-de-hân-leafde, in reserveleafde.’

Se is even stil en seit: ‘Ik hie ek sa’nien.’

Oan de tafels wurdt der oandachtich nei har lústere.

‘Mar de man mei wa’t ik sa’n bân fiede, koe ik einliks hielendal net. Ik wist neat fan him, behalve dat ik him in hiel oantreklike en leuke fint fûn. Ik hie him koart troffen op... wêr ek alwer?’ Se docht as tinkt se nei. ‘Op in fleanfjild yn Atlanta.’

Neidat se dat sein hat giet der in weach fleurige ûntsetting troch de ytseal.

Se giet fierder: 'Foarhinne hie it fansels ûnmooglik west om noch achter de gegevens fan dy man te kommen, mar tsjintwurdich is dat in stik makliker. Oardel jier nei de dea fan Henk besleat ik om dy keardel dy't mar hieltyd yn myn holle omspûke toch ris te googeljen. Ik wist allinnich dat er mei rêdingshûnen yn Meksiko west hie en Jacques hjitte, mar dat blik genôch te wêzen.'

Dêrnei seit Jeannette tsjin Jacques: 'Miskien moatsto it even oernimme.'

'Krekt!' ropt Jacques, mei ek in glês wyn yn 'e hân. 'Want ik wie nei myn skieding alwer in jier as acht frijgesel en hie foar mysels betocht: op myn stasjon sil gjin trein mear stopje. Oant ik ynienen út it neat wei in berjochtsje krige fan in kreaze wetterpolospylster dy't ik jierren dêrfoar yn Amearika moete hie. Fansels stie sy my noch foar de geast, sterker noch...'

Nei de oare tafel ropt er: 'Neat yn it neidiel fan de oare spylsters, mar sy wie de iennige dy't my noch foar de geast stie.'

Syn útspraak ûntlokket fleurige ferbolgenheid oan de tafel fan DVS.

'Jim hoege it net te leauwen, mar ik ha it jier dêrnei sels it WK Wetterpolo yn Madrid folge yn 'e hoop in glimp fan har op te fangen.'

'Wy hellen sulver,' foeget Jeannette ta.

'Yn har mail frege de frou hoe't it mei my gie en oft ik der hiel miskien eventueel ek sin oan hie om ris in kopke kofje mei har te drinken,' giet Jacques fierder. 'Ik tocht: wêrom net? Kofjedrinke kin altyd. Ik hâld fan kofje.' Hy nimt in slok. 'En fan wyn.'

Hy set in pear stappen yn de rjochting fan Jeannette, dy't op har beurt ek nei him ta rint. 'En ik hâld ek fan Jeannette, sa't jim ûndertusken begjinne te begripen.'

As se neistelkoar steane, seit Jacques: 'Lang ferhaal koart, want jim sitte te wachtsjen oant jim oanfalle meie op dy hearlike haadgerjochten foar jim en wy steane mar te praten...'

'It bleau net by in kopke kofje,' nimt Jeannette it fan him oer.

‘En it is dus ek hielendal gjin tafal dat wy hjir mei ús teams fan ’e middei sitte, dat ha wy gewoan regele mei myn beppesizzer Jeffrey en Jacques syn pakesizzer Maaike, dy’t hjir allebeide wurkje, en dat is dan wol wer tafal.’

Allegearre sjogge se nei Maaike en Jeffrey, dy’t elkoar stikem glimkjend oansjogge.

‘Dêr kamen wy op in bysûnder momint achter,’ seit Jacques. ‘Nammentlik doe’t wy ús ferloving oankundigen oan ús famyljes fan wjerskanten.’

‘En dat is de echte reden dat wy hjir meielkoar binne,’ seit Jeannette. ‘Want juster binne Jacques en ik yn lytse rûnte troud, en hjoed wolle wy ús houlik mei jim allegear fiere, omdat jim derby wienen doe’t wy elkoar al dy jierren ferlyn foar it earst seagen.’

‘Lit ús it glês heffe op de leafde!’ seit Jacques, mei syn glês omheech, wêrnei’t elkenien fan beide selskippen gol mei harren meiproast.

Sawol de wetterpolospylsters as de rêdingswurkers komme dêrnei oerein om it nije pear entûsjast te lokwinskjen mei dy ûnferwachte draai. En sa’t it mei in soad ferhalen lestich is om te achterheljen wannear’t se presys begjinne, binne wy der wis fan dat dit ferhaal foarlopich noch lang net einige sil.



**Ronald Giphart** (1965) debutearre yn 1992 mei de roman *Ik ook van jou*, fuortendaliks in klassiker yn de Nederlânske literatuer. Dêrnei folgen ûnder mear de romans *Giph*, *Phileine zegt sorry*, *Ik omhels je met duizend armen*, *Troost*, *Ijsland*, *Harem*, *Lieve* en *Alle tijd*. Ek spile hy suksesfolle teätershows mei Joost Zwagerman, Nico Dijkshoorn, Martin Bril en Bart Chabot. Foar syn literêre oeuvre krige Giphart yn 2004 de C.C.S. Cronepriis, de twajierlikse literatuerpriis fan de stêd Utrecht. Syn lêste roman, *Nachtangst*, ferskynde yn novimber 2021.

Dit ferhaal is skreaun yn opdracht fan de Leescoalitie yn it ramt fan de Nationale Voorleeslunch 2023. Op freed 6 oktober 2023, Nasjonale Aldereindei, wurdt de alfde edysje holden fan de Nationale Voorleeslunch. Bekende en ûnbekende Nederlanners lêze dy deis foar oan âlderen troch it hiele lân. Ronald Giphart lêst it ferhaal sels foar op telefyzje, om 12.15 oere by Omroep MAX op NPO 1. De Voorleeslunch wurdt organisearre troch de Leescoalitie yn gearwurking mei de Biblioteken en lit sjen dat foarlêzen in maklik ta te passen deibesteging is, dy't bydraacht oan de kwaliteit fan soarch foar âlderen.

Wolle jo mear witte oer de Voorleeslunch?  
Gean nei: [www.nationalevoorleeslunch.nl](http://www.nationalevoorleeslunch.nl).

